

Tekst: Mette van der Ven (Aeres Hogeschool Wageningen)

Oersetters: Durk Durksz (Wethâlder Fryske Marren)

Einredakteur: Janny Bottema

It mystearje fan de grientetún

Sytse rûn rêstich by de trep del, it wie de earste dei fan de hjerstfakânsje. Syn mem siet by de tillefoan. Syn âlden hawwe in grutte kleansaak en wurkje in soad mei bedriuwen yn Itaalje. Dat hat in grut foardiel: se wenje yn de simmer mar leafst fiif moanne yn in grut lúks hûs yn Itaalje. Mar it hat ek wer in grut neidiel: syn heit en mem wiene áltyd oan it wurk. Sytse rûn de keuken yn en smarde twa stikken bôle mei nútsjesmoar en troppe se yn 'e mûle. "Hoi, hoi," sei syn mem en lei de tillefoan del. "Moatte jimme wurkje?" frege Sytse. "Goeiemoarn leave jonge," sei mem. Sytse seach har freegjend oan. "Wy hawwe in wichtige fergadering mei minsken út Milaan. Heit is al op kantoar en ik sil der sa ek hinne," sei mem. Sytse knikte en plofte op de bank del mei in stripboek. "Wat silst dwaan?" frege mem. "Ik gean nei Geartsje." "Hielendal goed," sei mem, "in soad wille."

Sytse sette syn fyts yn it fytseriek by Geartsje thús. Geartsje is syn nichtsje. Se rûn krekt it túnpaad del en rôp: "Hee." "Hoi," sei Sytse. "Gesellich datst lâns komst, mar ik haw krekt mei Klaske ôfpraat." Sytse knikte en pakte syn fyts alwer. "Mar ik bin op 'e tiid werom ... om trije oere hinne, sei se wifeljend." Krekt op dat stuit kaam muoike Pytsje der oan mei de auto. "Ha dy Sytse, gesellich datst der bist. Ik gean nei de grientetún om appels te plukken foar in lekkere appeltaart, giest mei?" Sytse twifele, mar knikte. In healoerke letter giene se nei de grientetún. "Oh nee!" rôp muoike Pytsje doe't se de grientetún ynrûnen. Sytse seach it no ek: alle ripe appels wiene fuort! Ferbjustere seach Sytse syn muoike oan, mar dy sei neat. Yn bytsje teloarsteld giene se wer nei hûs ta. Se hawwe doe mar pizza's bakt ynstee fan appeltaart.

Jûns sieten se mei syn allen om 'e tafel. Omke Gerrit wie yntusken ek thús en Geartsje ek. It wie gesellich en Sytse mocht bliuwe te sliepen. "Der wie hjoed dochs wat raars Gerrit, de appelbeam wie hielendal leech," sei Pytsje. Gerrit seach ferheard op: "Dat mienst dochs net. Alwer?" Geartsje en Sytse seagen elkoar oan. Hjir moasten se it mar ris oer hawwe.

Doe't se jûns op bêd leinen, fertelde Geartsje it hiele ferhaal oan Sytse. Geartsje fertelde oer in dief dy't allinich mar appels stelt. No al foar it tredde jier. Se praten oer allerhanne mooglikheden om de boef te pakken, mar foelen by eintsjebeslút yn 'e sliep sûnder in goed idee. Ek de dagen dêrnei krigen se net in geniaal idee.

Sytse gie de middeis wer nei hûs ta en boarte de rest fan de wike mei Joop en Max. De tongersdeitemoarns waard Sytse belle troch Geartsje. Hy moast fuortendaliks komme. It hie mei de dief te krijen. Gau sprong Sytse op 'e fyts en ried hurd nei Geartsje ta. Hy fytste it grindpaad op en dêr stie syn nichtsje him al op te wachtsjen. "Juster wiene wy wer yn de grienetún en doe wiene der noch mar trije beammen dêr't noch in pear appels oan hongen. Dy wiene noch net ryp. Sûnt jimme hjir moandei west ha, binne der noch mear appels jatten. Healryp ... dat wol. Ik haw efkes sjoen en as wy ússels lyts meitsje dan kinne wy ús ferstopje yn de boskjes en kinne wy sjen wa't de dief is," jubele Geartsje entûsjast.

"Noch trije folle beammen? Mar dat kin net, want se wiene allegear hielendal leech," sei Sytse. "Nee, domkop, de beammen yn de oare grienetúntsjes, fan oare minsken." Oh, no begriep Sytse it. Tegearre fytsten se nei de grienetún ta. Om net op te fallen, giene se ûnder de flierstrúk fan de buorlju lizzen. De fytsen hiene se foar de yngong fan de grienetunen dellein. Wat se no diene, mocht grif net fan omke Gerrit en tante Pytsje, mar ja se wiene aanst wol de grutte helden fan de buert, betocht Sytse.

Nei in skoftke hearden se in kriezjend gelûd op it grindpaad. Se seagen elkoar strak oan. Se leine plat op 't liif en koene de appelbeammen goed sjen. Dêr kaam kalm in âld man oan kuierjen. Hy plukte de appels út de beam en die se yn in grutte koer. Doe rûn hy de grienetún út nei in lyts húske. Geartsje en Sytse slûpten efter de man oan. Troch in gat yn it sket seagen se dat de hiele tún fol lei mei appels. "Hjir lizze se dus," flústere Geartsje. De man kaam fluitsjend nei bûten ta en begûn yn in grutte bak te rieren. Yn de bak siet witich guod. Dat die hy yn de panne. "Kinsto sjen wat er makket?" frege Geartsje. Sytse drukte tsjin it sket oan om it gat wat grutter te meitsjen, sa koe hy better de tún yn sjen. Oei, it sket krea. "Pas op!" sei Geartsje, mar it wie al te let. Sytse kukele troch it gat yn it sket de tún yn. De âld man seach de beide bern ferbjistere oan: "Goeiemiddei, wolle jimme in pankoek?" frege hy oan de bern.

De bern skodden wyld mei de holle en rûnen stadichoan nei efteren, klear om fuort te draven. "Joehoe," waard der ynienen roppen. Gearstje en Sytse skrokken en seagen achterom. Dêr stie in frou mei read kroljend hier. Se seach der hiel freonlik út. "Alwer pankoeken?" frege se. "En wat dogge jimme hjir?" Geartsje en Sytse leine it hiele ferhaal út: dat der appels stellen waarden en dat se útskyke woene wa't de dief wie.

De frou skattere it út. “Ach jonges dochts,” lake se. “Gean mar lekker sitten en nim in pankoek. Ik sil it jimme útlizze,” sei se. “Myn âlden hiene eartiids in pankoekrestaurant en harren lekkerste pankoek wie mei appels. No tinkt ús heit soms dat hy noch hieltyd in restaurant hat en dan makket hy pankoeken mei appel. Hy is wolris in bytsje yn ’e war, sjoch.” “Mar wêrom giet hy dan net nei de supermerk?” frege Geartsje in bytsje lilc. “Tja, somtiden tinkt hy dat it syn beammen binne,” sei de frou freonlik. “Fûnen jimme de pankoek lekker?” De bern knikten, de pankoeken smakken bêst. Mar se wiene ek wol wat roppich. “Belje no earst jimme âlden mar, ús heit is noch lang net klear mei it pankoekbakken. Noadichje se mar út.” “Mar binne der dan wol genôch pankoeken?” frege Sytse. “Genôch? Hy bakt der mei gemak hûndert!” En sa barde it dat se mei syn allen oant let yn ’e jûn pankoeken sieten te iten. “Sa, no is it grientetún-mystearje oplost en de pankoeken smakken mar bêst,” sei Geartsje. En de man sei ta dat hy nea wer appels út de grientetún stelle soe. Mar stikem hoopten Geartsje en Sytse fan wol, want de pankoeken smakken poerbêst!

